



→ 110223.FFU.Sudw.Frl..

Oan:

- de leden fan de Gemeenteried  
- it Kolleezje fan Boargemaster & Wethâlders  
fan de gemeente Súdwest-Fryslân  
Postbus 10.000  
8600 HA SNITS

Drachten/Itens, 23 febrewaris 2011

**Underwerp:** Frysktalige gemeentenamme(n) en plaknammen

Achte leden fan de ried, achte boargemaster en wethâlders, achte griffier,

As *Feriening Frysk Underwiis* krewearje wy foar in folweardich plak foar it Frysk yn it ûnderwiis en yn oare maatskiplike mêden dy't dêrmei anneks binne, lykas it bestjoerlik domein. Wy achtsje it foar it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis fan grut belang dat de nammen fan gemeenten en plakken offisjeel yn it Frysk fêststeld wurde. Learlingen fan skoallen krije sokke 'eigen' nammen dêrtroch geregeld ûnder eagen yn learmiddels foar ûnderskate fakgebieten, yn atlanten en op kaarten en meitsje harren sadwaande sokke toponimen eigen. Dat draacht by ta it behâld fan Frysktalige nammen en befoarderet in wichtich stik taalkultuer. Wy freegje jimme dêrom omtinken foar it neikommende:

1. Yn maaie 2008 hat de ried fan de eardere gemeente Wymbritseradiel besletten om mei yngong fan 1 jannewaris 2009 yn de gemeente de Frysktalige plaknammen ta de offisjele te meitsjen. Hoewol't it mei it staveringsbeslút yn desimber 2008 heakke, is dat offisjele riedsbeslút nea ynlutsen of ferneatige. Dêrmei binne de plaknammen op de neamde datum yngien sûnder de lytse oanpassinkjes dy't by sa'n staveringsbeslút ornaris fêstlein wurde. Men kin dêrby bygelyks tinke oan de kar tusken Blauhûs of Blauhús ensfh.
2. De kommende tiid sil jimme ried in beslút nimme oer de nije namme fan de gemeente. Yn de parse komt men ferskate mooglikheden tsjin. Spitigernôch foldogge dy nammen net oan de Fryske stavering dy't yn 1980 offisjeel fêststeld waard:
  - a. De namme *Súdwest-Fryslân* kin net sûnder keppelstreekje.
  - b. *Sneek Súdwest-Fryslân* soe *Snits Súdwest-Fryslân* wurde moatte.
  - c. Dan dûkt de lêste tiid de namme *Súdwestergo(?)* op. Mei alle respekt foar it entûsjasme fan de jim bekende aksjegroep: it Frysk fereasket perfoarst in 'oa' oan de ein fan dy namme. Tink bygelyks mar oan de *Sudergoawei* en de *Westergoawei*, dy't beide yn Boalsert begjinne.

Wy pleitsje der dan ek foar om de mooglike nammen earst foar te lizzen oan de *Nammekommissje* fan de Fryske Akademy, om sa flaters foar te kommen.

Mei heechachtinge en freonlike groetnisse,

drs. Th. Dykstra, foars. FFU  
drs. S.T. Hiemstra, skr. FFU

*Ofskriften:*

- Ried fan de Fryske Beweging; Topografyske Wurkgroep Fryslân; LC, FD, OF